



De lêste Nije

De *Nije*, de 'glimmer' fan de Ried fan de Fryske Beweging, komt yn it nije jier net werom. Yn jannewaris 2019 waard optimistysk útein set mei in yn 2500 eksimplaren printe nulnûmer. 'Wy binne fan betinken dat in soad minsken graach papier yn hannen hawwe wolle', skreau Pier Bergsma yn it foaropwurd. As bestjoerslid en al ridlik gau (waarnimmend) foarsitter fan de Ried naam er tegearre mei syn kollega-bestjoerslid Aant Mulder de einredaksje op him. Yn 'e praktyk ha se ek de measte nûmers fol-skreaun. Doe't Mulder ferline jier ferstoar, kaam de einredaksje allinne op Bergsma del, dy't der yn it lêste nûmer it bêste fan makke hat mei petearen mei de emearitus heechlearaars fan de RUG Jouke van Dijk en Goffe Jensma en de nije ryksboumaster Francesco Veenstra. Mar de grutste reden dat *De Nije* ferdwynt, is dat it blêd behalve de 250 stipers fan de Ried, dy't it blêd fergees yn 'e bus krigen, net mear as 90 abonnees hie. De rest – sa'n 250 eksimplaren, de 2500 fan it nulnûmer waarden realistysk werombrocht ta 600 – moast yn de losse ferkeap ferkocht wurde. Dat hâlde net oer en stûke ek nochris yn de twa koroanajierren.

It aventoer hat dus in djoere les west foar de Ried. Bergsma hat de provinsje noch frege om it oer te nimmen en it alsa in profesjoneler opset te jaan, mar dat is mislearre. Dan hie logyskerwize de Afûk derfoar opdraaid, dy't krekt syn kwetsber algemien-kultureel opinyblêd *De Moanne* ta de doar út dien hie. Dat kin likemin fan allinne Frysktalige bydragen bestean, wol it tal lêzers net ûnder in fatale grins sakje en der hieltyd mear jild op talein wurde moat.

Wêr leit dy fatale grins? Yn it ferline hat de praktyk útwiisd dat der, ôfsjoen fan de earste neioarlochse jierren doe't de Fryske krite bloeiden en *Frysk en Frij* in fleurich wykblêd

“Fronsele wynbrauwen oer joadegrappen op It Nijs

waard fan 20.000 fêste lêzers, nea wer in getal mei trije nullen helle is. In kommersjeel eksploitearre Frysk moanblêd leit it yn de kiosk ôf tsjin in Hollânske wjergader *Friesland Post*. Dat is in hurd gegeven.

De fraach is no oft Frysktalige lektuer wol mear lêzen wurde sil op 'e digitale snelwei. De Ried biedt syn efterban om neat it nijsplatform *It Nijs* (itnijs.fr!) oan, dat ek alhiel fergees troch frijwilligers fersoarge wurdt.

Dy bringt net allinne Frysk nijs mar ek it nijs fan bûten Fryslân ('wrâldwiid nijs') en jout lêzers boppedat in podium foar reaksjes. Dat wurdt lykwols benammen brûkt troch deselde reagearders út eigen bewegersrûnte en troch healwize reaguurders dy't ûnder in foarnamme of skûlnamme los geane.

Ik ferge de redaksje op hygiëne, ek om't se no mei in omkeard taalspultsje út ein set binne en sûnder euveldoed in rychje Hollânske sprekwurden/siswizen opnimme mei 'joaden' deryn. Gjin Sam en Moosmoppen of oare jiddyske humor, mar útdrukkingen, streekrochjoch ûntliend oan it klassike antisemitisme dat Joaden as ûnbetroubere sujetten en oplichters betitelet en dy't nei de oarloch yn 'e ban dien waarden, lang foar't de 'negerzoen' net mear mocht. De 'grap' is dat der gjin Fryske wjergaders fan binne, dêr komme joaden yn de siswizen mei deselde betsjutting út noch yn net foar. Jo kinne begripe dat de rige ta fronsele wynbrauwen laat hat. *It Nijs* sjocht gjin reden ta ekskuses en docht te witten dat se har fan gjin kwea bewust binne, se hawwe dy útdrukkingen op Wikipedia fûn...

Hawar, begjin 2023 mei in skjinne laai. Dwers is werom op 13 jannewaris.

pieterjan.de.groot@planet.nl

